

Dingtiid Orgaan foar de Fryske taal
J. Koster
Westersingel 4
8913 CK LJOUWERT

Ljouwert, 11 april 2023

Ferstjoerd, **13 APR. 2023**

Ús merkteken : 02096810
Ôfd/Opjefte : Leefber Fryslân
Opsteld troch : Marlous Visser / (06) 46 89 18 99 of m.m.visser@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Reaksje op advysrapport Frysk yn de foarskoalske faze

Achte hear Koster,

Op 26 jannewaris 2023 hawwe wy it advysrapport *Frysk yn de foarskoalske faze* fan jo ûntfongen. Mei dit skriuwen wolle wy jo tank sizze foar it advys en jo ynformearje oer de stappen dy't de provinsje al ûndernommen hat en noch fierder ûndernimme sil nei oanlieding fan jo oanbefellings.

Algemeine reaksje op jo rapport

Op fersyk fan Deputearre Steaten hat DINGtiid ûndersyk dien om antwurd te krijen op de fogjende fraach: "Hoe kin it dat yn noch lang net alle lokaasjes de Fryske taal in fêst plak hat en dat der dus noch altiten in soad âlden binne dy't gjin tagong ta Frysktalige opfang foar harren bern hawwe?"

Yn jo rapport hawwe jo op in yngreven wize yn kaart brocht hoe't it Frysk yn de foarskoalske faze funksjonearret en hoe't dit sawol wetlik as beliedsmjittich fêstlein is. Dat is neffens ús de earste kear dat soks op dizze wize bard is, binnen it ramt fan de meast resinte wetjouwing. Dat is op himsels al fan grutte wearde, benammen foar de lanlike oerheid dy't mear kennis en kunde hat fan de regionale Fryske situaasje. It ûnderstreket ek it belang fan dy faze, as it giet om it beskermjen, befoarderjen en oerdragen fan it Frysk nei in nije generaasje.

It ûndersyk lit ek sjen dat de fersterking fan it Frysk op de berne-opfanglokaasjes en de pjutte-opfang de lêste 20 jier eins aardich súksesfol west hat. It docht ús goed om te lêzen dat benammen it wurk fan de Stifting Frysktalige Berne-opfang (SFBO) tige fertuten dien hat. Troch harren ynset is yn dy tiid sa'n 65% fan it tal lokaasjes twatalich wurden, wêrby't

de SFBO oanjout dat sy 80% maksimaal helber achtsje. De merk bestiet ommers altyd ek út (kommersjele) partijen, dy't úteinlik net de kar meitsje sille om twatalich te wurden. Wy binne dus al in hiel ein op streek en út soarte sille wy ús, mei de organisaasjes út it fjild, bot ynsette om dy 80% te heljen. It rapport jout oan dat wy dêr in mear stjoerende rol yn nimme kinne, dêr sille wy ús sterk foar meitsje.

Spitigernôch is it net slagge om mei de organisaasjes te praten dy't gjin twatalich belied fiere. Sadwaande komt yn it rapport nét nei foaren wat de opfanglokaasjes sels as reden hawwe om gjin meartalich belied te fieren. It soe tige nijsgjirrich west hawwe te witten wat dy redenen binne en te learen oft de provinsje hjir ynfloed op hawwe kinne soe. Wy wolle foar spesifyk dy doelgroep de kennis en kunde fan SFBO de kommende jierren hiel spesifyk ynsette.

Reaksje op oanbefellings

Yn jo advys dogge jo trije oanrikkemandaasjes om de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze te ferbetterjen. Hjirûnder kinne jo lêze wat ús reaksje dêrop is en hokker aksjes wy ynsette sille of al ûndernommen hawwe.

1. Provinsje Fryslân/Ryk: Nim konkrete, mjitbere doelstellings op yn de nije BFTK en stjoer dêrop.

Jo skriuwe terjochte dat de provinsje yn de BFTK 2019-2023 gjin konkrete ambysjes beskreaun hat wat it oantal twa- of meartalige lokaasjes yn de foarskoalske faze oanbelanget. De reden foar de provinsje om dit net te dwaan wie om't sifers bot wikselje kinne troch fúzjes en opheffings fan lokaasjes.

Yn de BFTK 2024-2028 binne wy fan doel op te nimmen dat wy stribje nei 80% twatalige lokaasjes, hjirby rekken hâldend mei fluktuaasje yn it totaal oantal opfanglokaasjes dy't der yn Fryslân binne. Dêrneist wolle wy as provinsje stribje nei in goede sprieding fan twatalige lokaasjes per gemeente en sille hjiroer yn petear bliuwe mei gemeenten en harren stimulearjen hjirop te stjoeren. Sy kinne dêr úteinlik it belied foar meitsje.

2. Gemeenten/Provinsje: Kom ta gemeentlike doelstellings yn in Frysk Foarskoalsk Profyl per gemeente en jou gemeenten in aktivere rol en mear ferantwurdlikheid om dêrop te stjoeren en it Frysk op foarskoalske lokaasjes te stimulearjen.

Sawol provinsje as gemeenten kinne it taalbeleid fan berne-opfanglokaasjes net bepale. Wol kinne gemeenten, troch doelstellings op te nimmen yn harren gemeentlike feroardering, opfanglokaasjes stimulearje om twatalich te wurden. De provinsje sil trochgean mei petearen fieren mei gemeenten om dit ûnderwerp ûnder de oandacht te bringen, harren fergjen hjirop aksje te ûndernimmen en gemeenten stypje yn de útfiering hjirfan.

Yn in bestjoerlik oerlis mei deputearre Poepjes en wethâlders fan ferskate gemeenten is jo advysrapport resint al bepraat. Nei oanlieding fan dit petear binne der op bestjoerlik nivo ferfolchaksjes pland om te ûndersykjen wat gemeenten nedich hawwe om it belied oanpasse te kinnen. Yn in folgjende bestjoerlik oerlis sil dat agindearre wurde.


3. Provinsje Fryslân/Ryk: It Frysk en meartalige ûntwikkeling moatte in fêster plak krije binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker.

Binnen Taalplan Frysk 2030 wurdt al wurke oan it ferstevigjen fan it Frysk binnen it mbû en ek spesifyk binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker en ûnderwiis assistint. Ek wurdt der sjoen nei de romte yn it kurrikulum fan dizze oplieding om it Frysk struktureel te yntegrearjen. Yn gearwurking mei mbû ynstellingen yn Fryslân sille konkrete doelstellingen foar Frysk yn it mbû opsteld wurde foar de nije BFTK, wêrby ûnder oare de oplieding foar Pedagogysk meiwurker spesifyk neamd wurde sil.

It rapport lit ús sjen dat wy al op de goeie wei binne mei it ferstevigjen fan de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze en wy hjiryn in noch mear stjoerende rol ynnimme kinne. It rapport hat ek in oare funksje: it stipet ús by de petearen mei it Ryk. Dêrom nochris tank foar jo advys.

Wy tidigje derop jo hjirmei foldwaande ynformearre te hawwen.

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter

foar dizze, de loko-foarsitter



A. Schepers, MSc, sekretaris